

Eare foar de dichter mankearret oan KH 2018

De Kulturele Haadstêd hat poëzyprojekten dy't meartaligens en yntegraasje fuortsterkje, de provinsje wurdearre performers dy't goed publyk lûke mei poëzyshows en der is stipe foar taalbefoarderjende rymkes. Mar literêre poëzy wurdt net spesjaal wurdearre.

Opinie

Friduwih Riemersma

Dat literêre poëzy net spesjaal wurdearre wurdt, is in yn it each rinnend manko. Noch altyd hat Fryslân gjin Dichter fan Fryslân. It Skriuwersboun hat yn 2015 it ynstellen fan dy earefunksje foar in dichter wer ynlutsen sûnder dat buorkundich te meitsjen.

Flak dêrnei, krekt doe't se yn de opposysje sieten, lansearre de PvdA it ynstellen fan dy earefunksje. De beslissing soe nei de simmer komme. Mar it is al hjerst.

Foar safier't Fryslân dichters earet, binne dat Gysbert Japicx of Douwe Kalma, waans dichterskip njonken har wearde as Fryske taalstriders in bysûnderheidsje is. Poëzyprojekten fan de Kulturele Haadstêd gean oer taal, lykas *Celebrate your Language*, of oer ekonomyske yntegraasje, lykas *Poetic Potatoes*. Mar in regio dy't syn kultuer foar âlde earnst opnimt, docht der better oan syn bêste dichters eare te jaan.

Âlde Rome

Wêrom soene jo in dichter earje? Yn de hearskjende neoliberale fisy, dêr't de kearneigenskip fan minsklike relaasjes kompetysje is, earje jo dejinge dy't it heechste nut opsmyt en de grutste rykdom generearret.

It is dêrom net ûnferwacht dat sprutsen wurdpoëzy, dy't skaait fan de kompetitive *slam poetry events* en *rap-battles*, noch wol wat omset jout. Eare oan in dichter dy't inkeid wurdearre wurdt yn in 'e lijte fan in lytse, pretinsjeuze literêre krite is yn dy optyk fersteurend.

Mar it ferskynsel dat populêre, dus net perfoarst poëtyske performers wurdearre wurde, is allerminst nij. It bestie al yn it âlde Rome. Yn 61 foar nul andere Cicero derop dat as sels de minne dichters of de minsken mei allinne de reputaasje in dichter te wêzen sa heech achte

binne, de wiere dichters nammerste mear eare fertsjinje. It misstiet ús deputearre fan Kultuer net dat allyksa te sizzen en in Dichter fan Fryslân yn te stellen dy't net gearfalt mei 'kassa'.

De te lauwerjen dichter oanwize is gjin sinekure. Wrakseljen yn 'e arena jout in algemien erkende winner mar in wedstriid tusken dichters docht dat net, om't it oertsjûgjende kritearium fan in *take-down* mist. Kulturele ikoanen, oan de oare kant, binne dea en ûnbesprutsen en kinne sûnder deilis alle kearen opnij omheech lutsen wurde, lykas de Fryske flagge.

Dy gong fan saken makket gauris dat 'goeie dichter' ymplisyt lyksteld wurdt mei 'sjonger fan heitelânsferhearliking'. Dat wie yn it âlde Grieklân al sa, neat nijs ûnder der sinne.

Mar yn de fjirtjinde ieu anderet nimmen minder as Petrarca derop. Net de dichter dy't syn naasje fergoat foldocht oan it iepenbiere nut, skriuwt er, mar just de dichter dy't de iepenbiere frijheid rommet, ynklusyf de frijheid om oare liederen en politike doelen te kiezen. It stie harren te priizgjen as de provinsje dat oernaam en in Dichter fan Fryslân ynstelt dy't mear docht as Fryslânpromoasje skriuwe.

Ierdske lemma's

In byldhouwer earet net de stien troch dy stien moai te foarmjen, mar dat in dichter de taal earet troch moaie taal te skriuwen, fine wy normaal.

Yn in lytse taal is de meast te earjen dichter dejinge dy't syn taal it meast earet. Dat is oeral op de wrâld sa, want taal wurdt ferbûn oan folk en identiteit; sadwaande hat poëzy de status krigen fan in diskoers oer taal.

Gjin oar as de Fryske dichter Eppie Dam jout dêr in antwurd op: 'Noch altyd lit ik my troch libbens wurdboek / de leksums lêze fan de ierdske lemma's.'

Yn Dam syn gedichten en oersettingen út allerhanne talen lizze



It Gysbert Japicxhûs yn Boalsert. Fryslân earet wol de dichter Gysbert Japicx. Foto: Marchje Andringa

steefst mienskiplike 'ierdske lemma's', lykas de dea. Poëzy helpt ús dermei te libjen.

Fûnemintele taak

Oars sein, in taal is nea lyts as jo der middenyn sitte en dat der middenyn libjen is no just poëzy. Neat soe moaier wêze as dat ús provinsjebestjoer dat notearre en in Dichter fan Fryslân oanwiisde dy't fierder giet as taalreklame.

As sels rimelders privileezjes hawwe, troch de jirpelgedichten en

De meast te earjen dichter is de dichter dy't fêsthâldt oan de artistike, humanitêre en demokratyske frijheid

sa mear, moatte literêre dichters dy ek ha. De meast te earjen dichter is de dichter dy't fêsthâldt oan de artistike, humanitêre en demokratyske frijheid. It giet net om taal en beleanjen fan de dichter as taalbrûker. Poëzy hat in fûnemintele taak.

Dêrom komt in Kulturele Haadstêd net betrouber oer salang't der gjin Dichter fan Fryslân is.

► Friduwih Riemersma is skriuwer en redakteur by literêr tydskrift Fers2